

De grutte reis fan 't korps nei it lytse Helgolân fan 1 oant 3 maaie 1998

Dit ynkoarte ferslach is skreaun troch Hendrika Jellema.

Freedtemoarn kertier foar fiven wie it ien en al drokte foar it café: der stie in bus, in “verhuis u zelf” frachtwein en allegear minsken mei tassen, sliepsekken en ynstruminten, want no soe't heve, “Wilhelmina” en tal fan oare doarpsgenoaten gongen nei Helgolân. Healwei seizen rieden we fuort út Easterein. Us rider wie Doede Lanting, we koenen wol Doede sizze. We hienen in grutte bus, sa'n ien 'in boppen' en 'in ûnder'. Underyn wie de keamer, de 'viproom', boppenyn koenen je gewoan sitte. It wie wat mistich en fuort bûten Wommels fleach der in jerke tsjin de bus oan. KWAK! Der wie in pit stikken fan 'e koplampe mar fierder ha we gjin ûngemakken hân dizze reis gelokkich.

Om goed sân oere stutsen we de grins mei Dútslân oer en om njoggen oere sieten we op 'e boat “Wilhelmshaven”. Mei sa'n trije oeren seagen we it Helgolân lizzen. Dan bin je der noch net. In ien foar de haven bliuwt de boat lizzen en komme der sloepen fan it eilân om je op te heljen. Dat wie in hiele gewaarwurding. We moasten mei syn allen ûnderyn it skip, dêr wienen doarren en dêr lei sa'n sloep foar. Yn 'e doar stûnen twa mannen, dy koene wol ien tille dat seagen we wol, dy tilden ús ien foar ien yn 'e sloep. Yn de sloep stûnen noch twa fan dy bikkels en dy pakten ús oan, want de boat en de sloep lizze net stil fansels en dêr tuskenyn leit djip en kâld wetter. As de iene sloep fol wie kaam de oare en dat gie sa troch oan't elkenien fan 't skip ôf wie. Meidat wy kamen hienen se it ekstra drok, want bûten ús tassen en sliepsekken moasten ek ús ynstruminten mei en net allinnich bugels, trompetten mar ek bassen, it hiele slachwurk ynklusyf pauken. Fanôf de ree fan Helgolân (it wie doe in oere as ien) koenen we ús bagaazje op in wein lade dy't it nei de jeugdherberg brocht, wêr't wy ek ite en oernachtsje sille. Middeis noch in koarte repetysje op it plein by de jeugdherberg en doe it eilân besjen. Nei it jûnsiten wie der in optreden fan Helgolanner groepen yn 'e “Nordseehalle”. Men toande ús ferskillende 'klederdrachten' en dûnsen en lieten ús harren lieten hearre.

Helgolân is eins in rots mei oan de iene kant in striepke strân en oan de oare kant lân. It is meielkoar sa'n 100 bunder. Dan is der noch in eilân, de Düne en dat is goed foar 70 bunder. Dêr wennet gjin mins, dêr kin je hinne te kuierjen. Op it eilân self wenje in lytse 2000 minsken. Ek hjir is in 'boppen' (Oberland) en in 'ûnder' (Unterland).

Sneontemoarn om tsien oere, binne we mei sloepen om it eilân fearn. It wie moai waar, it waaide suver net, dat de mannen skippers sil tocht ha, hoeplakee, de sloepen mar goed fol dan hoege we mar ien kear hjoed, want we sieten as hearrinkjes yn in tûntsje. Mar it wie moai en dêr gong it om. Middeis blaze yn't winkelsintrum. Mar de minsken dêre witte net wat in fanfarekorps is, ûnbegryplik. Se tochten by in fanfarekorps oan in man as tsien dy't 'laufen durch die strasen Hin und Her'. Wy net dus, wy sitte derby en nei wat hin und her geregeld waarden der stuollen fan 'e jeugdherberg helle en koenen we sitte en blaze. In kloft minsken bleau stean te harkjen.

Jûns healwei seizen ite en dêrnei moasten we ús klearmeitsje foar it optreden yn 'e “Nordseehalle”. Ek hjir hiene se wer net rekken hâlden wat in fanfarekorps is en moasten der wer stuollen byhelle wurde. Nei de groepen dy't songen en folksdûnsen kaam der beweging yn't spul mei it optreden fan “Wilhelmina”. Earst kalm oan sadat elk wekker wurde koe. En doe kaam it grutte wurk: seal op 'e kop en 't dak derôf.

De oare moans moasten we alwer betiid en kreas ferklaaid yn tsjerke sitte want we soene de tsjinst begeliede. Dêrnei kofjedrinke op in terraske en doe wie't tiid om yn te pakken. Doe ite en kalm oan nei de boat. Krapoan healwei alven wienen we wer yn Easterein, allegear sûn en wol en tige foldien dat alles sa goed en moai ferrûn wie.

